



Fryske Feriening foar Fjildbiologjy



Utneoging Van der Ploeg – Sympoasium

‘Op Planten net útsjoen’

Hjirby noegje wy jo fan herte út foar dielname oan it Van der Ploeg – sympoasium op sneon 26 septimber yn De Wiidpleats te Earnewâld.

Plak: De Wiidpleats fan It Fryske Gea, Koaiwei 8a, 9264 TP Earnewâld (buorden Besikersintrum Nasjonaal Park De Alde Feanen folgje).

Datum: 26 septimber 2009, fan 10.00 oant 17.00 oere.

Tagong: Frij; yn De Wiidpleats kinne de dielnimmers in lunch (sop, twa breadsjes, krintebol, fruit, molke/soepe) bestelle foar € 10,-.

Opjefte foar dit sympoasium kin plak fine by It Fryske Gea: Postbus 3, 9244 ZN De Sweach; telefoan 05120-3814448; info@itfryskegea.nl

It Programma sjocht der as folcht út:

<u>Tiidstip</u>	<u>Auteur & titel</u>
10:00 – 10:30	Doarren iepen; kofje (IFG)
10:30 – 10:40	Wolkom & iepening: Ultsje Hosper (<i>moarnsfoarsitter</i>)
10:40 – 11:15	In libben lang fassinearre troch siggjen fan Van der Ploeg – Jacob Koopman – Taksonomy by de siggjen
11:15 – 11:50	It behâld fan de Noardlike Fryske Wâlden troch boeren – Jan-Douwe van der Ploeg
11:50 – 12:15	De nije Fryske plantenammen – Ytzen Kooistra
12:15 – 13:15	Lunch
<i>Middeisfoarsitter: Meinte Engelmoer</i>	
13:15 – 13:50	Mei Van der Ploeg lâns de Fryske kusten – Eddy Weeda
13:50 – 14:25	De dykswâlen yn de Fryske Wâlden – Jan Johannes de Boer & Foppe van der Meer
14:25 – 14:55	Teeskoft
14:55 – 15:30	De Slúterspoel doedestiids en no – Hinko Talsma
15:30 – 16:05	Behâld biodiversiteit troch natuerbehear – Nynke van der Ploeg
16:05 – 16:30	It neipetear en slúting


Ynformaasje oer it Van der Ploeg – Sympoasium

‘Op Planten net útsjoen’

26 septimber 2009 - Earnewâld

De planteman en biologylearaar Douwe Taeke Engelbertus van der Ploeg ferstoar yn 2006 yn Snits en soe dit jier, yn 2009, 90 jier wurden wêze. Dit woenen in tal organisaasjes net samar gean litte, omdat hja in soad oan syn kunde en ynset te tankjen hawwe. Hja hawwe de koppen by inoar stutsen en besluten ta de organisaasje fan dit sympoasium.

It tema fan it sympoasium is ‘biodiversiteit yn it lânskip’ mei oan de iene kant omtinken foar biodiversiteit en fariaasje op it nivo fan ekotopen, soarten en famyljes en oan de oare kant de útdaging de biodiversiteit yn it lânskip te bewarjen. Wy begjinne it sympoasium mei de floaristyk: Van der Ploeg hie grutte niget oan soartgroepen lyk as siggen, hynstebloemen en bearzerûgen. It slagge him al betiids de fariaasje binnen dizze soartgroepen yn fariëteiten, ûndersoarten en bastardearring helder te krijen. *Jacob Koopman* sil ús meinimme op in speurtocht troch dizze soartgroepen en de resultaten fan alle ‘knibbelwurk’. Dêrnei sil *Jan Douwe van der Ploeg* ús meinimme nei de Noardlike Fryske Wâlden, wêr’t yn dit Nasjonale Lânskip plak wêze sil foar boer, lânskip en natuer. Dêrnei sil *Ytzen Koaistra* yngean op de Fryske nammejouwing by de planten en tagelyks in nije publikaasje oer de Fryske Plantenammen wrâldkundich meitsje.



Nei it middeiskoft sil *Eddy Weeda* fertelle oer de erfaringen fan him en fan Van der Ploeg lâns de Fryske kusten tusken de Huitebuursterbûtenpolder en de Lauwersmar mei planten en fegetaasjes. Wêrnei wy de kust ferlitte en it binnenlân yn stekke nei de Wâlden: *Foppe van der Meer* en *Jan de Boer* litte ús sjen hoe’t de deistige praktyk fan it behear romte hâldt foar biodiversiteit op lytse skaal yn de dykswâlen fan de Fryske Wâlden. *Hinko Talsma* sil it stokje oernimme troch it foarbyld fan de Sluterspoel by Burgum te brûken en de feroaringen fan ien sa’n poel yn de rin fan de tiid sjen te litten. Dêrnei keart it behâld fan dy biodiversiteit troch it natuerbehear wer werom yn de ôfslútende lêzing fan *Nynke van der Ploeg*. Wat dan noch oerbliuwt is it neipetear en de slúting.

Van der Ploeg koe alle natuergebieten yn Fryslân út ‘e pin. Wy hoopje dat jo as dielnimmer dan ek wer in soad wizer wurden binne!

Belutsen organisaasjes: It Fryske Gea, FLORON-Fryslân, Biologysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy, Fryske Feriening foar Fjildbiology, Lânskipsbehear Fryslân, Steatsboskbehear.